

Tekstboekje

Tekst 1 Oer de skiednis fan de histoaryske roman

De Fryske Akademy is in organisaasje dêr't wittenskipsminsken wurkje oan de wittenskip oer Fryslân yn it algemien. Mar ek net-wittenskippers, sneupers en belangstellenden, kinne meidwaan oan it wurk fan de Fryske Akademy. Dat kin bygelyks yn de 'wurkferbannen', dêr't it Literêr-Histoarysk Wurkferbân ien fan is. Foar dat wurkferbân hat Henk van der Schaaf op 24 septimber 1993 in lêzing hâlden, dy't yn bewurke foarm publisearre is yn it literêr tydskrift „Trotwaer”, 1994. Dêrfan is de ûndersteande tekst wer in bewurking.

- 1 — 1 Umberto Eco syn roman *De namme fan de roas* markearret it begjin fan de
2 oplibjende belangstelling foar de histoaryske roman. De lêste tsien jier bloeit dit âlde
3 literêre sjenre wer folop. Histoaryske romans wurde goed ferkocht, graach lêzen – Hella
4 Haasse krige de publykspriis 1993 – en der komme stúdzjes oer dat ûnderwerp út. Yn it
5 neifolgjende wurde ûntjouwingen yn it sjenre fan de histoaryske roman fan de
6 njoggentjinde ieu ôf beskreaun. Oan de ein fan dit artikel wurdt stelling ynnommen yn de
7 diskusje oer de fraach oft de postmoderne histoaryske roman, wêrfan't de hanneling him
8 al yn it ferline ôfspilet, mar wêryn't it histoarysk besef fan de lêzer mei opsetsin
9 trochkrúst wurdt, noch wol ta it sjenre fan de histoaryske roman te rekkenjen is.
- 2 — 10 Jacob van Lennep wurdt beskôge as de man dy't in wichtige rol spile hat by de
11 yntroduksje fan de histoaryske roman yn Nederlân. Fan literêr-histoarysk belang dêrby is
12 syn lêzing út 1827, *Verhandeling over het belangrijke van Hollands Grond en Oudheden*
13 *voor gevoel en verbeelding*. Van Lennep syn grutte foarbyld is Walter Scott. Alhoewol't dy
14 skriuwer op dat stuit al grut súkses hat troch de achttjin oersettings fan syn wurk,
15 ferdigenet Van Lennep him tsjin de kritisy, dy't ôf negatyf ôf skeptysk binne en
16 lytsachtsjend sprekke fan in „Scottomanie”. Scott fynt dat de histoaryske roman in
17 útnoegjende, tagonklike wei wêze kin nei it ferline, mar dan moatte de histoaryske feiten
18 en de ferbylding op goede wize fermongen wurde. Pas dan kin it sjenre tsjinje 'ta learing
19 en fermeits', wurdt de skiednis libben en fielt de lêzer him dielgenoat fan it ferline. Hy
20 wiist ek op de foarstúdzje dy't fereaske is om in betroubere 'couleur locale' op te roppen.
- 3 — 21 Nei de *Verhandeling* fan Van Lennep ferskine yn Nederlân oant 1840 ta likernôch
22 santich histoaryske romans. It sjenre krijt geandewei ek mear oansjen. Wichtige skriuwers
23 lykas Jacob van Lennep, Oltmans, Drost, Bosboom-Toussaint, Schimmel en Alberdingk
24 Thijm beskôgje Scott wol as foarbyld, mar geane ek har eigen gong. De romanheld is,
25 lykas by Scott, meastal in fiktyf personaazje. Histoaryske figueren spylje in rol op de
26 eftergrûn. De histoaryske eftergrûn wurdt net sa faak foarme troch de Midsieuwen, mar
27 folle faker troch de bloeitijd fan de Republyk¹, de sechtjinde en santjinde ieu. Doel fan
28 dy skriuwers is ommers it ferlykjen mei de eigen tiid en de takomst. De Flamingen kieze
29 om dy reden krekt wol foar de Midsieuwen. Conscience beskriuwt yn *De Leeuw van*
30 *Vlaanderen* de opstân fan de Flaamske adel en boargerij tsjin de Frânske oerhearsking yn
31 it begjin fan de fjirtjinde ieu mei de 'Guldensporenslag' fan 1302 as histoarysk hichtepunt.
32 In skriuwer út it Noarden, lykas Bosboom-Toussaint, kiest om deselde reden foar de striid
33 fan de Nederlannen tsjin de Spaanske oerhearsking. Yn de 'Leicester-cyclus' is it ferline in
34 ferlossingsskiednis dy't eltsenien as foarbyld nimme kin by de eigen striid tsjin sûnde.
- 4 — 35 De histoaryske roman wurdt populêr ûnder ynfloed fan de Romantyk. Nei 1840
36 sykje skriuwers en lêzers foaral in ûntwyk út de eigen tiid en fine dat yn it ferline.
37 Boppedat wurdt it sjenre fan de roman yn it algemien troch de Romantisy tige wurdearre.
38 Sy sjogge it sjenre as in ideale útlitklep om oan de ferbylding alle romte te jaan. Mei it
39 opkommen fan it positivisme en it naturalisme yn de keunst rekket de histoaryske roman
40 oan de ein fan de njoggentjinde ieu wer wat út de moade. Mar dat is tydlik.
- 5 — 41 Yn gearhing mei it symbolisme yn de poëzij ûntstiet om de ieuwikel hinne ek yn de
42 romanliteratuer wer mear romte foar gefoel en ferbylding. De histoaryske roman komt dan
43 yn feroare foarm werom. De sekuere 'couleur locale' wurdt ynwiksele foar sfeartekening,
44 de objektive histoaryske werklikheid tsjinnit no as dekjôr foar de subjektive fantasy fan de
45 skriuwer. Om't ien fan de doelen, it opropjen fan in nasjonaal ferline, no loslitten wurdt, is
46 it plak fan hanneling net mear perfoarst de eigen grûn. De boeken spylje har no faker yn it
47 bûtenlân ôf: romans fan Arthur van Schendel yn Italië, *Ik en mijn speelman* fan Aart van

noot 1 De Republyk fan de Sân Feriene Nederlannen, dus it Nederlân fan sawat 1568 oant 1795.

48 der Leeuw yn Frankryk, romans fan Louis Couperus yn it klassike Grikelân en Rome.
6 49 Dy romans foarmje it begjin fan de moderne tweintichste-ieu ske histoaryske roman
50 sa't dy nei de Twadde Wrâldoarloch ta bloei komt. It leit foar de hân dat feroaringen yn it
51 sjenre gearhingje mei feroare opfettingen yn de filosofy en de wittenskip. Sa wurdt troch
52 histoarysk it ideaal fan objektiviteit flink relativearre. Dêrtroch binne skriuwers fan
53 histoaryske romans har der folle mear fan bewust dat it nayf is om te mienen dat sy in
54 histoaryske werklikheid yn it boek rekonstruearje kinne.

7 55 It fertelperspektyf fan in alwittende ferteller wurdt mear en mear ferlitten. Theun
56 de Vries drukt it sa út: „De trouhertigens fan de njoggentjinde ieu is ferflein; moderne
57 skepsis en irony skeppe ôfstân. It noflikke 'der wie ris' is as boarne fan literêre freugde net
58 alhiel ferdroege, mar yn feite as in te simplifisearjende foarm – it fertellen fan in ferhaal –
59 oerwûn. De foarm is benammen fan binnenútwei emânsipearre. Der binne gâns
60 fernijingen, mar dy binne net sasear bewust ynfierd, as wol in útfloeiisel fan de situaasje
61 fan de tweintichste-ieu ske minske.”

8 62 Nei de Twadde Wrâldoarloch brûke de skriuwers it sjenre net mear om de eigen tiid
63 te ûntflechtsjen, mar earder as in middel om de eigen werklikheid better te begripen. Dat
64 kin wêze op sosjaal mêd (L.P. Boon, Theun de Vries), religieus mêd (Simon Vestdijk) of op
65 kultureel mêd (Hella Haasse). Foar al dy skriuwers jildt dat se, lykas Walter Scott, jierren
66 dwaande binne mei ûndersyk as tarieding op it skriuwen fan in roman. Karakteristyk foar
67 de moderne histoaryske roman is it ferwurkjen fan eigentiidske en persoanlike motiven.
68 In foarbyld dêrfan is Theun de Vries syn boek *Het hoofd van Haydn* dat parallellen sjen lit
69 tusken rasistysk tinken yn de njoggentjinde en yn de tweintichste ieu. Yn *De première*
70 drukt De Vries syn persoanlike opfettingen oer it keunstnerskip yn de figuer Puccini út.

9 71 De nije opbloei fan de histoaryske roman yn de jierren tachtich hat ek wer te krijen
72 mei feroarjende fisys yn de literatuer en de skiedniswittenskip. De histoarysk nimme wer
73 mear ôfstân fan harren positivistyske útgongspunten en lizze de klam op it belang fan de
74 taal. Dy wurdt net langer beskôge as in weardefrij middel om de werklikheid te
75 beskriuwen. Neffens Ankersmit, yn Nederlân fertsjintwurdiger fan it saneamde
76 'narrativisme', is it ferhaal fan de histoarikus in konstruksje wêryn't hy út in
77 fragmintarysk ferline ien gehiel makket. Syn ynterpretaasje is persoanlik en de
78 oertsjûngingskrêft fan it ferhaal wurdt beskaat troch de styl. Hy relativearret sa tige it
79 ferskil tusken in histoaryske stúdzje en in histoaryske roman. Oare histoarysk lykas Blom,
80 Braembussche en Wesselius binne it mei dat stânpunt net iens en bringe in dúdlike
81 skieding oan tusken it wurk fan de wittenskipper en dat fan de romansier.

10 82 Foar de populariteit fan Patrick Süskind, Ackroyd, Hella Haasse, Nelleke
83 Noordervliet en oare skriuwers fan nije histoaryske romans binne ferskillende
84 ferklearingen te jaan. Dorsman ferklearret dy populariteit út it feit dat wy no yn in tiid
85 libje dat progressive tinkbylden fersmiten wurde, de takomst oan belang liket te ferliezen
86 en dêrtroch it sicht op it ferline wer frijkomt. Umberto Eco ferklearret dy populariteit út
87 in gemis oan ferhalen yn eksperimintele literatuer, wylst in grutte groep ûntwikkele lêzers
88 dochs graach in roman lêst sawol mei in ferhaal as mei djipgong. Yn in boek oer de nije
89 histoaryske roman wiist Pelckmans yn syn ynlieding op in oantal trends fan it sjenre.
90 Alderearst wiist hy, lykas Eco docht, op it grutte belang fan it ferhaal wêrby't de skriuwer
91 neffens de regels fan tradisjonele fiksje wurket, mar tagelyk ek in spul spilet mei dy regels
92 troch in protte anagronismen²⁾ en irony yn de roman te ferwurkjen. De detektiveroman is
93 ek in faak tapast sjenre, net allinne fanwegen de spanning, mar ek om de oerienkomst
94 tusken detektive en histoarikus. It binne beide speurders, dy't tige ôfhinklik binne fan
95 tafallichheden, lykas it hoe en wêr opdûken fan boarnen.

11 96 Nij is de neoromantyske trend fan de 'tederheidskultuer', dy't te ferklearjen is út it
97 feit dat de isolearre en ûntwoartele lêzers fan tsjintwurdich emoasjes yn de 'heile Welt'³⁾
98 fan it ferline sykje. De mienskippen dy't yn histoaryske romans beskreaun wurde, kenne
99 faak folle mear emosjonele en gefoelsbannen. Dat neoromantyske aspekt is ûnder oaren
100 te finen by de Frânske skriuwster Jeanne Bourin dy't yn har histoaryske romans
101 benammen froulju ta libben bringt.

12 102 De wichtichste trend yn de histoaryske romans is it postmodernisme. De

noot 2 anagronisme: in elemint dat net op syn plak is yn de tiid dêr't it yn pleatst wurdt

noot 3 heile Welt: geef bleaune, ûnbedoarne wrâld

103 postmodernistyske histoaryske roman wurdt sels as in aparte fariant besjoen en wie
104 ferline jier it ûnderwerp fan it proefskrift fan Lies Wesseling. In wichtich aspekt fan dit
105 postmodernisme is de breuk mei it foarútgongstinken. It is dan ek gjin wûnder dat de
106 skriuwers fan dizze fariant nochal frij mei it ferline omspringe en soms sels nochal
107 opfallend sûndigje tsjin it histoarysk besef fan de lêzers. It is net allinne skepsis oer de
108 útgongspunten fan de histoaryske wittenskip dat dy skriuwers driuwt. Soms giet it noch
109 fierder en wurdt in karikatuer makke fan de offisjele skiedskriuwing.

13 — 110 De histoaryske roman hat dus in ûntjouwing trochmakke fan in middel ta
111 fersprieding fan histoaryske idealen nei in subversyf⁴) kommintaar op de skiedskriuwerij.
112 Mar kin dizze postmodernistyske histoaryske roman wol ta it sjenre rekkene wurde? De
113 mieningen binne ferdielt. Drop giet der fanút dat de krektens fan histoaryske gegevens as
114 in algemien betingst foar it sjenre jilde moat. Lies Wesseling is fan miening dat in lineêr
115 gronologysk ferhaal eins net mear past yn dizze tiid. Histoarysy twivelje net allinne oan it
116 ideaal fan objektiviteit, mar binne der tagelyk fan oertsjûge dat harren histoarysk besef en
117 harren histoarysk ferhaal in eigentiidske en persoanlike konstruksje binne. In krityske
118 omgong mei histoaryske konsepten, lykas romanskriuwers Julian Barnes en Angela
119 Carter dogge, past neffens my yn ús tiid. De histoaryske roman hat in rommere ynhâld
120 krigen. Dêrom kinne skriuwers as Walter Scott, A.L.G. Bosboom-Toussaint, Arthur van
121 Schendel, Theun de Vries, Umberto Eco en Julian Barnes by itselde sjenre yndield wurde,
122 hoe ferskillend har boeken ek binne. De feroaringen yn de histoaryske roman wize derop,
123 dat it sjenre noch hieltyd libbet en nije generaasjes skriuwers en lêzers ynspirearret.

Tekst 2 S. Vestdijk, De betsjoening fan it ferline

Simon Vestdijk hat al folle earder, en op in hiel oare wize, oer histoaryske romans skreaun. De neikommende tekst is ûntliend oan it skoalboek „Schrijvenderwijs” en oersetten yn it Frysk.

14 — 124 Freget men nei de oarsaken fan de grutte populariteit fan histoaryske romans, dan
125 soe men der goed oan dwaan en meitsje ûnderskied tusken faktoaren dy't al en dy't net
126 ferbân hâlde mei it ferline. Der binne minsken dy't histoaryske romans lêze, om't se ris in
127 oeremennich bûten har eigen tiid ferbliuwe wolle. Sêd fan it 'hic et nunc'⁵) langje se nei
128 widere kimen. Jout men dy lêzers in takomstroman yn hannen of in boeiend reisferhaal –
129 dêr't alteast it 'hic' yn útskeakele is –, dan krije se likegoed har gerak. Sy steane net yn in
130 besûndere ferhâlding ta it ferline; foar harren is it ferline oars neat as in negaasje fan har
131 hjoed; en yn dy negative formule binne ek oare grutheden yn te foljen as getallen ûnder
132 de 1900. In twadde soarte lêzers grypt nei Walter Scott en Alfred Neumann om de
133 boeiende aventoeren dy't, lykas de ûnderfining har leard hat, yn histoaryske romans yn
134 gruttere oantallen foarkomme as yn kontemporêne. Mar ek dat is foar it ferline net
135 wêzentlik. Op himsels wie it jier 1600 net boeiender of aventoerliker as it jier 1900; it
136 Ancien Régime wie nei alle gedachten ferfelend en in grut part fan de Tachtichjierrige
137 Oarloch saai. Ek dizze lêzers soene op in oare wize te helpen wêze, bygelyks troch
138 detektiveromans. Conan Doyle's syn *Sherlock Holmes* en syn *Brigadier Gérard* binne like
139 romantysk en men lêst se op deselde wize, dat wol sizze: yn beide gefallen ferbliuwt men
140 yn in imaginêr hjoed, dat him yn it twadde gefal inkeld tsjin in dizzenich en heldhaftich
141 ferline ôftekenet. Ta beslút in tredde kategory: minsken dy't yndied it ferline sykje yn in
142 histoaryske roman. Mar men moat jin earnstich ôffreegje oft dêr de histoaryske
143 ferhanneling net deselde tsjinsten bewize soe. En lêze sokke minsken wier-wier
144 histoaryske romans om mei it ferline as sadanich fieling te krijen? Is it harren der net
145 inkeld om te rêden om kundskip te nimmen fan feiten dy't se noch net koene?

15 — 146 Wat de skriuwer sels oangiet leit it probleem in lyts bytsje oars. In auteur dy't him

noot 4 subversyf: rjochte op in revolúsje of in omkear

noot 5 hic et nunc: hjir en no (Latyn), de omjouwing en de tiid dêr't men yn libbet

- 147 oanlutsen fielt ta it sjenre fan de histoaryske roman, stiet yn fierwei de measte gefallen
148 ûnder de direkte betsjoening fan it ferline. Om yn it luilekkerlân fan de aventoeren
149 komme te kinnen, moat er troch de rizenbrijberch fan it ferline hinne ite en dy is foar him
150 safolle grouwer en tsjokker as foar de lêzer, dat er der nea de krêft ta fine soe, as de
151 rizenbrijberch him net ek wat te sizzen hie.
- 16 — 152 Nimme wy dus oan dat de auteur yndied troch it ferline grypt wurdt, dan moat de
153 fraach noch beantwurde wurde wat no krekt it ferline him te bieden hat. En dêrmei
154 komme wy op it mêd fan de persoanlike hobbys, dêr't de iene skriuwer in mislearre
155 skroar is mei in foarleafde foar kostúmkunde, in twaddenien de tinnen soldaatsjes út syn
156 jongesjierren net ferjitte kinnen hat en in tredenien graach de politike yntriges út it
157 skoalboek neispinne wolle soe – en der leafst noch sels wat triedsjes byspinne woe.
- 17 — 158 It is net sa maklik te sizzen wat it ferline is; en dêrom witte wy ek net sa dúdlik
159 hoe't it komt dat it ús sa oanlûkt. Besjocht men it ferline wat yngeander, dan lost it him
160 op yn eleminten dy't neat mei it ferline te krijen hawwe, dan wurdt it allinne mar in net-
161 hjoed, dêr't nuvere kostúms yn droegen wurde dy't men ek hjoeddedei drage kinne soe...
- 18 — 162 Wa't dit allegearre betinkt, kin der net maklik fanôf brocht wurde dat it ferline,
163 literêr besjoen, op sa'n smelle basis berêst, dat net de romansier, mar allinne de dichter
164 rjocht fan praten hat yn dizze matearje. It ferline is in skiere dream dy't in berop docht op
165 ús gefoel foar ierdske fergonklikens: de eigentlike spesjaliteit fan de dichters! Mar – en
166 dat makket de saak wol wat yngewikkelder – likegoed is it in dream dy't ienris
167 werklikheid west hat; en dy werklikheid docht, dat kin net misse, in berop op de
168 romansier, dy't him omfoarmet ta in oare werklikheid, neamd 'histoaryske roman'.
- 19 — 169 Dy romansier mei priizge wêze, dy't dichter genôch blykt te wêzen om de dream fan
170 it ferline opheine te kinnen. Mar sokken ken ik net in protte fan.

Einde